FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it Kolleezje fan *Deputearre Steaten*
en de leden fan *Provinsjale Steaten*
Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

111206 sth

Ljouwert/Drachten, 11 desimber 2006

Underwerp: *Hoe fierder mei de Fryske kanon? (ferfolch)*

Achte leden fan Provinsjale en Deputearre Steaten,

Yn jannewaris 2005 publisearre de *Onderwijsraad* in advys ûnder de titel *De stand van educatief Nederland.* Yn dat rapport sjocht de *Onderwijsraad* werom op fiif jier Nederlânsk ûnderwiisbelied en konstatearret in stikmannich knyppunten. Ien fan de wichtichste derfan is it tekoart oan "aandacht voor de *canon* als uiting van onze culturele identiteit" (s. 13, 119). De funksje fan sa'n kanon is neffens de *Raad* trijeliddich: de *kearn* derfan wurdt by de minister fan OCW behelle by de (ferplichte) kearndoelen en de eineksamenprogramma's (de earste sirkel) en jildt dus foar *alle* learlingen yn Nederlân. De twadde, widere sirkel omfettet (fakultative) eleminten dy't de skoallen dêrnjonken ek noch yn har programma opnimme *kinne*. De tredde sirkel rikt *fierder as it ûnderwiis* en slacht op âlden, maatskiplike en kulturele ynstellings, útjouwers en programmamakkers foar ûnderskate media (s. 96). Allinnich de earste sirkel hat dus in minder frijbliuwend karakter.

De *Feriening Frysk Underwiis* hat jimme al yn in ier stadium op ferskillende wizen yndachtich makke op de needsaak om nei te gean hoe't 'ús Fryske kultuerele identiteit' der útsjocht en hoe't dat ta utering komt yn - benammen - it ûnderwiis: 'onze culturele identiteit' en 'ús kulturele identiteit' hoege ommers perfoarst net gear te fallen. Allinnich al it ferskil yn taal ('onze'/ 'ús') jout in oanwizing dat der grutte ferskillen binne.

De op 26 maaie 2005 troch de minister fan OCW ynstelde lanlike rykskommisje *Ontwikkeling Nederlandse Canon* (foarsitter prof. dr. F. van Oostrom) is in produkt fan it 'onze' fan de Onderwijsraad en sette op 1 septimber 2005 út ein. Der soe neffens de ynformaasje dy't ús yn it begjin fan 2006 berikte, yn de *steatsnasjonale* of *lanlike* kanon wol omtinken jûn wurde kinne oan *regionale* ynhâlden, mar dat de kommisje (tenei: 'Commissie Van Oostrom' / CvO) sels nèt in Fryske kanon gearstalle koe.

Op 3 juny 2006 hawwe wy (*FFU*) ús dêrom yn de mande mei de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT), de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy yn in brief ta jimme rjochte mei it fersyk mei gauwens prikken yn it wurk te setten om te kommen ta in *provinsjale* kommisje dy't as *parallel projekt* in Fryske kanon gearstalle moatte soe foar de *Fryske taal*, *skiednis* en *kultuer* foar de âldensgroep 4 oant 18 jier. Wy hiene dêr foar it skiednispart sels al in wichtige foarset foar jûn mei in konsepttekst fan de Fryske histoarikus Kerst Huisman [1].

Underwilens is nei publikaasje fan it einrapport fan de kommisje (16 okt. 2006), *entoen.nu. DE CANON VAN NEDERLAND, Deel A en B* (Den Haag: Ministerie van OCW, oktober 2006), dúdlik wurden wat de kommisje bedoelt mei in 'lanlike' kanon en wat it 'regionale' oanpart deryn is.

Wy geane dêr yn in *bylage* by dit brief (sjoch ûnder) op yn en jouwe fierders oan wat der dien wurde moatte soe troch de provinsje om yn dat ramt (mear) rjocht te dwaan oan *ús Fryske* kulturele identiteit.

De lanlike kanon foar it ûnderwiis (earste sirkel)
It is tige teloarstellend dat yn it einrapport foar de algemiene ûntwikkeling fan *alle* learlingen yn Nederlân (earste sirkel) winliken gjin romte is foar de *Fryske* skiednis, taal en kultuer yn de fyftich kanonûnderdielen (*finsters* mei *fertakkings* en *ferwizings*). Dy eleminten wurde yn haadsaak redusearre ta kennis fan ien 'venster 35', *Eise Eisinga* (1780-1795), as yllustraasje fan 'de *Ferljochting*' (diel B, s. 58-59).

Hiene wy ferwachtsje meien dat de kommisje each hawwe soe foar it feit dat de earste 1000 jier fan dy 'nasjonale' kanon dochs foar in grut part beskaat wurdt troch de skiednis fan de Friezen? It produkt fan de kommisje is net 'het verhaal van Nederland' wurden, mar benammen dat fan *Hollân* of *Lyts-Nederlân* (de trijehoek Alkmaar-Amersfoart-Hoek fan Hollân). Dêr binne krityske en pynlike fragen oer te stellen: Wêrom wol de Romeinske *Limes* en net de *terpen* yn it noarden en de *Fryske opstân fan 28 n.Kr*.? Wêrom wol de Franken en net de *Fryske keningen* en de *Fryske hannel* út de iere midsieuwen? Wêrom wol de âldste, yn Ingelân fûne 'Nederlânske' tekst *Hebban olla vogala nestas hagunnan hinase hic anda thu, wat unbidan we nu* en net de folle âldere *Fryske rune-ynskripsjes*? Wêrom wol Floris de Fyfte en net de sintrale betsjutting fan it grimmitige *Frysk-Hollânske konflikt út de 14de en 15de ieu*? Wêrom wol Erasmus en net *Rudolf Agricola* fan de 'Aduarder Kring'? Wêrom wol de 'Beeldenstorm' en net *Menno Simons*? Wêrom wol 'De Republiek, een staatsbestel van zeven verenigde Nederlanden, met meestal een Oranje als stadhouder' en net 'De Republiek, Staatsbestel van *zeven verenigde en autonome gewesten, met twee takken van stadhouders, de Hollandse en de Friese'*? Wêrom wol Hugo de Groot en Spinoza en net ds. *Balthasar Becker*, strider tsjin byleauwe en hekseprosessen? Wêrom wol de 'Kinderwet Van Houten' en net de *sosjale striid yn Fryslân* en de ferkiezing fan *Domela Nieuwenhuis*? En sa binne der noch gâns mear foarbylden te finen, ek foar de tweintichste ieu.

Pieter de Groot hat dat foar in part yn de *Ljouwerter Krante* dien yn syn rubryk 'Harje': 'Een canon door een Hollandse bril' (17 okt. 2006) [2]. Hy komt fierhinne ta deselde konklúzje as wy: "Hoog tijd dus voor een Friese canon. Rijk en provincie moeten snel tot daden komen en een commissie instellen." Wy ljochtsje dat koart ta.

Neffens ús soe it de taak fan in **eigen parallelle *provinsjale kanonkommisj*e** wêze moatte om op basis fan in eigen *kultuerpedagogyske diskusje* [3] goede advizen te jaan oan ryk en provinsje en sadwaande de basis te lizzen foar wat eltse 'beskaafde' Nederlanner oer de Fryske taal, skiednis en kultuer witte moatte soe. Neffens Nietzsche liedt histoaryske ûnwittendheid der ommers ta dat de ynwenners fan in lân libje as 'de kudde die aan je voorbij graast, niet wetende wat gisteren, wat vandaag is', en allinnich mar 'vreet' en 'dartelt' [4]. Kulturele en histoaryske ûnkunde draach net by ta in goed 'boargerskip'. *Mienskiplik dielde* 'histoaryske ûnderfing' docht dat wol. Dat betsjut dat in kanon (wer) bydrage moat oan it ideaal fan de *Bildung*. Dat is de lêste desennia yn Nederlân sterk yn

de ferdrukking kommen. Yn dat ramt is der ek in goed oersjoch nedich fan de *Fryske skiednis* yn de 'nasjonale' kanon.

Op himsels makket de *CvO* dúdlik dat er gefoelich is foar it *Bildungs*-argumint as der sein wurdt dat der ynfestearre wurde moat yn *algemiene* ûntwikkeling en yn *ymmateriële* ynfrastruktuer. As kennis tefolle *fersmelle* wurde soe ta allinnich produktûntwikkeling foar in mondiale, kommersjele merk, krije wy neffens de kommisje, krekt oarsom, in klimaat dat maklik liedt ta tsjinoerstelde effekten. Ynnovaasje en kreativiteit hawwe alles te krijen mei it lizzen fan *ferbannen* tusken tige ferskillende gebieten. Mei rjocht wiist de kommisje op it ynnovative Amearika (*liberal arts*), op Ingelân (*classics*) en op de romaanske kultueren (*yntellektuele bagaazje*) en dat yn dat ferbân in *kanon* in kultureel kapitaal foarmet mei potinsjeel tige grutte rendeminten (*entoen.nu*, dl. A, s. 81). Wy sjogge dat foar in *Fryske* kanon yn ferbân mei de Fryske maatskippij en ekonomy net oars.

Yn ús parlemintêre stelsel wurde de wichtichste beslissings oer Fryslân en oer de wetjouwing foar de Fryske taal en kultuer noch altiten troch in grutte en oerhearskjende *net*-Fryske en *net*-Frysktalige mearderheid yn De Haach nommen. Yn dat ramt is in mear yngeande kennis fan in Fryske kanon en sadwaande it lizze kinnen fan mear en bredere ferbannen net allinnich foar *alle* learlingen fan Nederlân fan belang, mar neffens ús ek foar takomstige politisy. It draacht tige by ta in '**out** of the box'-tinken, in tinken dat de kommisje mei rjocht propagearret (ferl. *entoen.nu*, dl. A, s. 81). Soks soe ek yn De Haach ta better trochtochte beslissings foar Fryslân en it Frysk liede kinne.

De CvO is fan betinken dat de *taal* ek in *yntegraal* part fan in kanon is. Dat nimt de kommisje yn syn kanon op troch 'finsters' foar û.o. 'Hebban olla vogala [...], de Steatebibel, Multaltuli en Annie M.G. Schmidt'. De CvO sinjalearret ek dat it 'moedertaalonderwijs in het VO' hjoed de dei almeast praktisearre wurdt oan de hân fan oefenings mei gâns *saaklike* teksten. Dat is neffens de kommisje in *fersmelling*, omdat in goede *taalbehearsking* ek freget om *refleksje* en om it *muzyske* (sjoch ek de bylage). Ek it ferwaarleazgjen fan de *literatuer*, dy't fan grutte foarmjende wearde is foar it *taalfermogen* fan de learling, liedt ta in fersmelling. Boppedat rekket it *literatuerûnderrjocht* ek it *hert* fan de kanon.

Spitigernôch binne alle finsters dy't de kommisje dêrfoar iepenmakket, rjochte op de Hollânske literatuer: '[...] het verhaal van Nederland [is] ook het verhaal van de *Nederlandse* taal' (s. 47-54). Gjin wurd oer it ferhaal fan de *Fryske* taal troch de tiden hinne, dat neffens ús èk it ferhaal fan Nederlân is. Yn ús eagen in grutte misser en in sterk foarbyld fan it '**in** the box'-tinken, in tinkfoarm dêr't de kommisje him no krekt tsjin ôfsette wol. Neffens ús sjocht de kommisje mei blynkapen op as it giet om twadde *ryks*taal fan Nederlân.

De kommisje jout de kar foar de ynhâld fan de nasjonale kanon yn *besprek* (*entoen.nu*, dl. A., s. 78) en sil dêr yn de maitiid fan 2007 op reagearje. De Provinsje Fryslân soe dêr ***op 'e tiid*** gebrûk fan meitsje moatte en mei útstellen foar ferbettering komme moatte.

In provinsjale kanon foar it ûnderwiis (twadde sirkel)

De troch ús útstelde provinsjale *Fryske kanonkommisj*e is net allinnich fan grut belang foar it *ferbetterjen* fan de lanlike kanon, mar likegoed fan grutte betsjutting foar de ynfolling fan in *eigen, regionale of provinsjale kanon* (de twadde sirkel), as utering fan 'ús' eigen *kulturele* en *histoaryske* identiteit. By ûnderskate gelegenheden hawwe wy dat yn it ferline, mûnling en skriftlik, ek op provinsjaal nivo (amtlik, DS en PS), bepleite.[5] Wy hawwe dat jitris yn ús *kommentaar* (*FFU* en *Ried fan de Fryske Beweging*) op de konseptnoata's *Boppeslach* (02-10-2006) en *Nota Taalbelied 2007-*

2010 (22-10-2006) mei klam nei foaren brocht. Wy hawwe it idee krige dat it *sinjaal* sa súntsjeswei troch guon politike partijen en op it Provinsjehûs ferstien wurdt, no it belied sels noch.

Dat *belied* sil neffens ús net allinnich rjochte wurde moatte op it *gearstallen fan in kanon*, mar ek breder rjochte wêze moatte op mear *foech* foar de provinsje op it stik fan it *ûnderwiis yn de eigen taal en kultuer* èn op in bettere *taalwetjouwing*, sadat in deeglike *wetlike* basis mooglik wurdt foar it fieren fan in eigen, provinsjale, *Fryske* ûnderwiis- en kultuerpolityk. Net allinnich foar de *taal*, mar ek foar de *skiednis*.

In eigen Fryske kanon kin ynhâldlik tige bydrage ta it ûntwikkelje litten fan in folsleine, goed trochtochte *longitudinale, multymediale learline* (ûnderwiislearmetoade) foar de Fryske learlingen oant 18 jier. Op dy foet kin der in ferantwurde ynfolling jûn wurde oan kêst 8 (1, g) fan it *Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden*, dat ús steatsnasjonale oerheid ûnderskreaun hat, om 'regelingen te treffen om het onderwijs in de *geschiedenis* en *cultuur* die in de regionale taal of taal van een minderheid haar weerspiegeling vindt, te waarborgen'. Wy achtsje it in tekoart dat de konseptnoata *Boppeslach* (juny 2006) dêr gjin omtinken oan jout. Dat jildt ek foar de ûntwerpnoata *Better sichtber, mear fertroud, Nota Frysk taalbelied 2007-2010* (juny 2006). Dêrby moat yn it omtinken holden wurde dat dy eigen kanon, lykas de nasjonale, *breder* is as allinnich it *skiednis*ûnderwiis. It brede karakter dêrfan hâldt ek yn dat der yn it *fuortset* ûnderwiis *dwersferbannen* lein wurde moatte mei relevante ferskynsels op oare plakken yn Europa en de wrâld (ferl. *entoen.nu*, dl. A, s. 45, 52).

De kanon hat in yntegraal karakter
In *skiednis*kanon (wat-*wannear*) befettet ek altiten aspekten dy't ûnder it fakgebiet *ierdrykskunde* (wat-*wêr*) falle (s. 46). It leit foar de hân om yn in Fryske kanon beide wrâldoriïntearjende fakken opinoar te belûken. Datselde jildt ek foar dy beide fakken yn relaasje ta it *natoerûnderwiis* (bgl. Fryske nammen fan beskate planten en bisten), de *keunstfakken* (bgl. Fryske lieten, Frysk drama) en *geastlike streamings* (bgl. Fryske Dopersken). It ferhaal fan Fryslân is lykwols ek it ferhaal fan de *Fryske taal en literatuer* (sjoch ek boppe). Al dy komponinten sille in wichtich yntegraal part wêze moatte fan de kanon en ek bydrage moatte ta de Fryske *taal*foarming fan de learlingen.

Likegoed as de Hollânske kanon kin de *Fryske* tige fan betsjutting wêze foar it fak skiednis, dat mei de *ûndergong* bedrige wurdt, omdat it hiel dizenich opnommen is yn it leargebiet 'Kennis van jezelf en de wereld' (basisûnderwiis) of 'Mens en maatschappij' (fuortset ûnderwiis).[6] Dêrtroch wurdt it *fak* op hieltiten mear skoallen ôfskaft.

Yn it einrapport *entoen.nu. De canon van Nederland* (diel A) wurde 31 oanbefellings dien troch de CvO, benammen ornearre foar OCW, dy't ek foar in *kanon fan de Fryske taal en kultuer* (yn in *kultuerpedagogyske* diskusje!) goed trochtocht wurde moatte, bygelyks de needsaaklike ûnderwiis*tiid*, it needsaaklike *kennisnivo* fan de *learkrêften*, de *toetsing*, de ferankering fan de *keunst*fakken (bgl. CKV) yn it gehiel (sjoch fierder de bylage).

De provinsjale kanon en oare kulturele ynstellings (tredde sirkel)
De skoalle is net it iennichste platfoarm foar de kanon. Musea, bibleteken en ûnderskate oare kulturele ynstellings en de media kinne in protte betsjutte foar de kennis en leafde op dat mêd. De kanon is in ferskynsel mei in grut berik. In kanonûntwerp soe neffens de CvO dan ek breed besprutsen wurde moatte yn de *kultuer- of erfgoedsektor* (s. 64; ferl. ek s. 65-69).

Us tinkt dat soks ek foar in Fryske kanon it gefal wêze moatte soe. Dat past goed by de *Fryske Fiersichten*, *Tresoar*, ús *regionale* en *provinsjale kranten* en *blêden* en *Omrop Fryslân.* Underskate *provinsjale* en *lokale* musea komme dan ek yn it eachweid. Der sil dus neitocht wurde moatte oer de ferhâlding fan dy kulturele ynstellings ta in *Fryske* kanon. Steatsnasjonaal wurdt der hjoed de dei al wurke oan it ta stân bringen fan in *Nationaal Historisch Museum*. It leit foar de hân dat wy yn Fryslân yn dat ramt it *Fries Museum* fierder útbouwe ta in eigen provinsjaal *histoarysk* museum dat in goed oersjoch jout oer en ynsjoch yn de skiednis fan Fryslân, (mei) op basis fan de *Fryske kanon* foar it ûnderwiis. Dêrby sil ek folslein rjocht dien wurde moatte oan de Fryske *taal* sels en oan de *skiednis* dêrfan. Neffens ús wichtige komponinten fan de kanon (sjoch fierder de bylage).

Ofslutend

Omdat it sa stadichoan wol hiel koart dei is, steane wy der jitris **mei klam** by jimme op oan om sa gau mooglik in *provinsjale kanonkommisje* yn it libben te roppen dy't útstellen docht foar *alle trije* sirkels of domeinen. De provinsjale oerheid kin dan op grûn fan dy útstellen (fierder) belied meitsje en komme ta in ferantwurde ynfolling fan de trije nivo's. Dat sil foar in takomstige bystelling fan de *kearndoelen* foar it primêr en fuortset ûnderwiis fan grutte betsjutting wêze, omdat deryn de foar eltse learling ferplichte *basis*kennis fêstlein wurdt. De provinsje Fryslân soe dêrom sa gau mooglik it foech, bgl. as 'medewetgever', krije moatte om de *eigen kearndoelen* foar it ûnderwiis yn de *eigen Fryske taal en kultuer* fêst te stellen.

Wat jildt foar it steatsnasjonale Nederlân jildt ek foar de provinsje Fryslân mei syn eigen taal, kultuer en skiednis. Ek foar Fryslân sil in kanon makke wurde moatte. Dat soe derta liede moatte dat de skoallen dy kanon yn har ûnderwiislearpakket opnimme. Omdat de *twadde* sirkel yn de lanlike opset net in ferplichtsjend karakter hat, moat dat foar de Fryske kanon foar de skoallen yn Fryslân goed regele wurde, bgl. yn de foarm fan 'eigen' *kearndoelen*. De Provinsje sil dêrom mei de minister yn it bestjoerlik oerlis fêstlizze moatte dat dy *ferplichting* der komt.

Wy hawwe de ferwachting dat jimme it bûtenwenstich grutte belang fan ús fersyk ynsjogge.

De *VLLT, seksje Frysk*, de *Feriening Frysk Underwiis*, de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy*,
dr. B.A. Gezelle Meerburg, foars. *VLLT, seksje Frysk*
drs. Th. Dijkstra, foars. *FFU*
dr. J. van der Bij, foars. *RfdFB*
drs. P. Bergsma, foars. *Ped. Wurkferbân FA*

Ut namme fan de fjouwer organisaasjes,
mei rju achtinge,

drs. S.T. Hiemstra,
skriuwer *FFU*

Noaten

[1] Ek oan te klikken op it webstek fan de *FFU*: www.fryskebeweging.nl →Feriening Frysk Underwiis → Brieven 2006, útgien: Fryske skiednis.pdf (kanon Huisman).
[2] P. de Groot, 'Een canon door een Hollandse bril', 17-10-2006; ek oan te klikken op it webstek fan de *FFU*: www.fryskebeweging.nl → Feriening Frysk Underwiis → 'Poadium').

[3] Hoe't in *kultuerpedagogyske* diskusje fierd wurde moat, stiet û.o. beskreaun yn Sytze T. Hiemstra, 'De oerdracht fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis' (*Swingel*, nû. 14, 2006, s. 11-17) en is ek oan te klikken op it webstek fan de *FFU* (sjoch by noat [1]): STH-Oerdracht Fryske taal en kultuer.pdf.
[4] Jos Palm, 'Wat een beschaafd mens moet weten', yn: *Trouw*, 'Letter & Geest', 14 okt. 2006, 3.
[5] Sjoch foar in oersjoch fan ús aktiviteiten bygelyks: www.fryskebeweging.nl → Feriening Frysk Underwiis → Brieven 2006, útgien, benammen ús brief fan 03-06-2006 oan DS en PS oer:'Hoe fierder mei de Frysk kanon?'
[6] It ûnderdiel 'Mens en maatschappij', dêr't 'skiednis' ûnder falt, hat 12 kearndoelen. Twa kearndoelen (nû. 43 en 44) slagge benammen op *skiednis*:
Kearndoel 43: *De leerling leert over overeenkomsten, verschillen en veranderingen in cultuur en levensbeschouwing in Nederland, leert eigen en andersmans leefwijze daarmee in verband te brengen, en leert de betekenis voor de samenleving te zien van respect voor elkaars opvattingen en leefwijzen.*

Kearndoel 44: *De leerling leert op hoofdlijnen hoe het Nederlandse politieke bestel als democratie functioneert en leert zien hoe mensen op verschillende manieren bij politieke processen betrokken kunnen worden.*

Wa't sok alderheislikst, abstrakt proaza lêst, sil begripe dat 'de weg naar het kakhuis' foar it skiednisûnderrjocht al fierhinne ôflein is. Dêr falt ek gjin lesoeretabel mear foar te meitsjen. De flower power-geast fan de lêste desennia liket yn it ûnderwiis noch altiten net echt ferdwûn.

Ofskriften:
- *Konsultatyf Orgaan* en *Berie foar it Frysk*
- *LC, FD* en *OF*
- *Fryske Akademy*

Bylage by ús brief (12-12-2006) oangeande *entoen.nu, De canon van Nederland,* diel A en B (2006)

Wy rinne de haadstikken fan *entoen.nu, De canon van Nederland, diel A* (juny 2006) bylâns om ús *kanttekenings* te setten en *oanbefellings* oan Deputearre en Provinsjale Steaten te dwaan foar in Fryske kanon.

Hdst. 1: 'Canon – nut en nadeel'
Wy ûnderskriuwe mei de 'Commissie Van Oostrom' (tenei: CvO) de *sosjalisaasjetaak* fan it ûnderwiis en de needsaak fan fersterking fan de *maatskiplik ferantwurdlikens* dêrfan (s. 4). Dat jildt neffens ús ek foar it *Fryske* oanpart yn de lanlike histoaryske en kulturele kanon (earste sirkel út *De stand van educatief Nederland*, Onderwijsraad, 2005) èn foar de *provinsjale Fryske* kanon (twadde sirkel). De CvO belûkt dy taak ek op de *yntegraasje*problematyk en tinkt dêrby oan bern fan bûtenlânske komôf (s. 14). Yn Fryslân spilet dat in lytsere rol as yn de Rânestêd. Wat neffens ús in gruttere rol spilet, is it tal *Hollânsk*talige net-Friezen dat yn ús provinsje ek better yntegrearje moatte soe troch it omtinken dat de Fryske kulturele identiteit kriget.

Wy binne der wiis mei dat wy op it stik fan it kanontinken (as in foarm fan *learplan*tinken oer winsklike *ynhâlden*) yn Nederlân no wer it tij wer wat mear mei hawwe. Dat wie ien à twa desennia lyn noch hiel oars. Wy ûnderskriuwe ek it stânpunt fan de *Onderwijsraad* dat der wat mis is mei de kennis fan de saneamde '*Nederlandse* geschiedenis' (s. 15), mar heakje dêr fuort oan ta dat soks yn *dûbelde* sin jildt foar it Fryske oanpart yn dy steatsnasjonale skiednis (earste sirkel) en foar de kennis fan de Fryske skiednis (twadde sirkel) yn de eigen provinsje.

Wy ûnderskriuwe de analyze fan *Onderwijsraad* en de *CvO* (s. 17) dat de oarsaak foar in part leit yn it feit fat yn de ôfrûne desennia de *tiid* foar histoarysk-kultureel ûnderwiis ôfnommen is yn it ûnderwiis en yn de oplieding ta ûnderwizers. De skiednisbagaazje fan learkêften is dus lytser. Harren kennis fan de *Fryske* skiednis is neffens ús hiel lyts.

Dêr komt neffens de CvO by dat it *belang fan kennis* de lêste jierren hieltiten mear *ôfwurdearre* wurdt te'n geunste fan *feardichheden* en dat de *algemiene ûntwikkeling* terrein ferliest (dy telt bygelyks net echt mei yn de *Eintoets Basisûnderwiis* fan it CITO). By it fak Nederlânsk is it swiertepunt ferskood fan *literatuer* nei *taalbehearsking* (s. 17). Dat sil by it *Frysk* net oars wêze.

By it jaan fan skiednis is it aksint minder kommen te lizzen op it *klassike* (en *klassikale*) *ferheljende* elemint en bestie de eangst om foar elitêr útmakke te wurden. Boppedat wie der in ferskowing fan *gronologysk* nei *tematysk* ûnderwiis mei as gefolch dat de learlingen it *ferbân* tusken de dingen en it *oersjoch* maklik kwyt reitsje. Sa binne de somtiden pynlike lakunen op punten dy't foar eardere generaasje noch plechtankers fan histoarysk-kulturele kennis wiene (s. 18). Dy *ynstitúsjonalisearre* plechtankers hawwe der yn de skoalle foar de *Fryske* skiednis, ek wat de histoaryske gronology oanbelanget, noch nea west, sa foegje wy dêroan ta. Op it stik fan de steatsnasjonale kanon praat de CvO fan 'een gevoelig gedaald kennispeil' (s. 18). Wy heakje dêr wer oan ta dat dat *eardere* peil der wat de *Fryske* skiedniskanon oanbelanget, ek noch nea west hat.

Ek yn lannen as de Feriene Steaten en Denemark is in nije start makke mei de *kanonisearring* en it *fersterkjen* fan it fak skiednis en om it ta *ferplichte* eksamenfakken te meitsjen. Ek al ferrint de ymplemintaasje dêr net altiten like soepel, mei de CvO leauwe wy yn de *krêft* fan de kanon. De wiffe of ûntbrekkende kanonkennis is in saak fan ús allegearre. In kanon is der net allinnich foar om by te dragen ta de oplossing fan problemen, bygelyks op it mêd fan *boargerskip*, mar hat ek in *wearde yn himsels* en is in *doel op himsels*. Dat hoecht dus gjin spesjale rjochtfeardiging (s. 22-24). Dat jildt neffens ús likegoed foar in *Fryske* kanon.

Elts sil neffens de kommisje boppedat in beskate *basiskennis* hawwe moatte om him/har de *skientme* fan de *muzyske* en wichtige *histoaryske* en *ideële* eleminten fan de kanon eigen meitsje te kinnen en om de rykdommen fan it ynternet op dat mêd goed ûntslute te kinnen (s. 25). Sa'n referinsjeramt mist ek foar de Fryske taal en kultuer. It ûnderwiis hat de *krusjale opdracht* om sa'n kanon oer te dragen. Likemin as it learen

fan topografy of natuerkennis steatspedagogyk of kulturele twingerij ymplisearret, is dat ek net it gefal mei in kanon (s. 25-27). Dat hâldt foar ús ek yn dat in spesifike regio as Fryslân fandatoangeande goed syn gerak krije moat. Dat sil benammen it gefal wêze moatte yn de learplichtige jierren (basisûnderwiis en ûnderbou fuortset ûnderwiis).

Hdst. 2: 'Canon in kaart'
De CvO presintearret in *yntegrearre* histoaryske en kulturele kanon, omdat dy yn it ûnderwiisstelsel fan hjoed de dei ûnderskate fakken beslacht en *dêrboppe* útkomt.[1] De kanon beslacht benammen de groepen 5 oant en 8 fan de basisskoalle, de ûnderbou fan it tmbû ('vmbo') (earste twa jier) en hafû/twû ('havo/vwo') (earste trije klassen). De kanon komt dêrby neffens de opset fan de kommisje twa kear foarby: ien kear yn de basisskoalle en ien kear yn it fuortset ûnderwiis (*longitudinaal* en *konsintrysk*; de foardielen binne *werkenning* en *werhelling*, *progresje* en *ferriking*).

Yn de basisskoalle moat foldien wurde oan *râne*betingsten as it bieden fan in konkreet, oansprekkend *ferhaal*, it bieden fan *stapstiennen troch de tiid* hinne, it ark fan de *gronology*. Yn it fuortset ûnderwiis wurdt de stof *fergrutte*, *ferbrede* en *ferdjippe*; komt der mear *gearhing* en binne der *gjin lakunen* mear; der is mear omtinken foar *abstrakta* en *prosessen*, foar de *politike* en *ekonomyske* skiednis en foar de *bûtenlânske* kulturele kanon (s. 30-32).

Yn dit haadstik giet de CvO ek yn 'e pleit foar in 'lokale canon' as in *parallel projekt* (s. 31, 32, 50). It erfgoed om 'e hoeke soe ek syn gerak krije moatte. De kommisje wiist op de mooglikheid it webstek *entoen.nu* út te wreidzjen mei in blanko kaart dy't troch in skoalle efter in log-in-koade mei lokale en regionale finsters yn te foljen is (s. 50, noat). Dat in provinsje as Fryslân op basis fan sa'n longitudinale en konsintryske opset ek in ***provinsjale*** kanon foar it basis- en fuortset ûnderwiis hawwe kin mei *eigen finsters* ('eachlûkers') op de skiednis en de kultuer, dy't it ***primaat*** kriget yn in eigen learplan fan de provinsje, eventueel mei fertakkings nei eleminten út de lanlike kanon, liket de kommisje net goed betinke te kinnen. De CvO komt amper fierder as: "Het liefst zag onze commissie voor elke Nederlandse **gemeente** een lokale canon voor het basisonderwijs ontworpen" (s. 32). Dy soe dan *oanslute* moatte op de nasjonale kanon en ûntwikkele wurde moatte troch pleatslike saakkundigen (s. 50).

Wy tinke dat krekt in *provinsjale* Fryske kanon (mei fertakkings nei steatsnasjonale eleminten) yn Fryslân dêr de kapstok foar biede moatte soe, mochten gemeenten dat werklik realisearje wolle. Dat stiet tichter by as in steatsnasjonale kanon en docht better rjocht oan de provinsje as *earstferantwurdlike* foar de Fryske taal en kultuer, ek yn it ûnderwiis.

De CvO hie as útgongspunt it gearstallen fan in kanon foar *alle* Nederlanners. It is in kanon fan *beheinde* omfang wurden mei as hurde kearn *fyftich* items ('vensters', 'blikvangers') (te finen yn it B-diel). Dy fyftich ûnderwerpen binne hjoed de dei neffens de CvO ek al te finen yn de gongbere (lanlike) skoalboeken. Der is socht om in balâns fan 'ingeraamd en open'. Utwreiding soe neffens de kommisje letter altiten noch kinne. De kanon is sadwaande noch net yn it lyk te stellen mei it *kearn*-kurrikulum foar alle skoaltypen en leargebieten dêr't de ûnderwiiskundige Greetje van de Werf foar pleitet ('Maak een kern-curriculum voor alle scholen', *NRC Handelsblad*, sept. 2006, p. 26) (s. 34, 35). It kin der fansels wol ta bydrage.

Yn dy sin is in *eigen Fryske* kanon ek fan belang foar de *ynhâldlike* ynfolling fan in takomstich *provinsjaal learplan* foar de Fryske taal en kultuer, ynklusyf de eigen skiednis. Dat liket ús dúdlik in ferantwurdlikens fan de provinsje. It liket ús ek in ferantwurdlikens fan de provinsje om prikken yn it wurk te setten om de tekoarten fan op it stik fan de Fryske taal, kultuer en skiednis yn de *lanlike* (konsept)kanon oan te suverjen.

Yn dit haadstik komt de CvO mei trije *oanbefellings* foar OCW. Dy advizen slagge benammen op it *ûntwerp*, dat ûnder de rezjy fan OCW falle moatte soe: (1): kaarten yn ferskillende formaten mei de boppeneamde fyftich finsters as referinsjepunt by de lessen, as tsjeklist en 'skoareboerd' foar de learlingefoarderings (letter mooglik as *touchscreen* op de tafels fan de bern); (2) in *kiste* mei foarwerpen (replika's) foar alle skoallen om

elts finster ek taastber te meitsjen; (3) it behearen en útbouwen fan it webstek *entoen.nu* as digitaal medium foar de fyftich finsters mei *ikoanyske* ôfbyldings fan de finsters dêrop en de *sintrale ferhalen* derefter. Mei ferbinings tusken *hjoed* en *earder* ('heden en verleden'), mei in ôfdieling dy't *fertakkings* biedt nei learstof en tema's dy't mei in finster ferbân hâlde. En mei in ôfdieling *ferwizings* nei heechweardige histoaryske jongereinboeken (s. 35-41).

It liket ús ferstannich dat de provinsje Fryslân - sjoen syn eigen ferantwurdlikens - dêr yn in ier stadium by behelle wurdt om bydrage te kinnen oan de Fryske taal, kultuer en skiednis yn dat gehiel en om dat sadwaande net allinnich oan OCW oer te litten.

Hdst. 3: 'Canon in gebruik'
Mei rjocht seit de CvO dat in kanon primêr yn it *ûnderwiis* thúsheart. Dat rekket dus ek de tarieding fan takomstige dosinten yn de learare-opliedings op de kanon: "Want dit is zeker deel van het probleem: dat Nederlandse jongeren soms weinig kennis van de canon hebben mede doordat hun leraren op dit gebied minder bagage hebben" (s. 42, noat). Ek al is in kanon noch gjin goed útwurke kurrikulum, gjin apart skoalfak en ek net restriktyf en limitatyf bedoeld, dochs soene de fyftich finsters neffens de kommisje goed oan de oarder komme moatte.

Datselde bepleitsje wy út soarte ek foar de *Fryske* finsters fan in *provinsjale* kanon. Wy tinke dat de kennis fan Fryske learkrêften fan in Fryske kanon noch behypliker is as dy fan de lanlike kanon, mei omdat de lanlike kanon al foar in grut part al te finen is yn alderlei *besteande skoalboeken* en de Fryske net of amper. En ek dat de *foaroplieding* wat de Fryske kanon oanbelanget, noch sterker tekoart sjit as dy foar de lanlike.

Kultuerpedagogyk
Wy binne dermei op it skik dat de CvO sûnder restriksjes weromgrypt op de *kultuerpedagogyk* fan Imelman-en-dy as needsaaklike basis fan it ûnderwiis: "Onderwijs kent een triadische structuur: het is de verbondenheid van docent, kind en kennis, die in de klas tot stand komt. Dit rapport stelt de *kennis* centraal, met open oog voor kind en onderwijzer" (s. 45). De needsaak fan it sintraal stellen fan de *kennis*, dus ek fan it *ynlieden yn* de Fryske taal, kultuer en skiednis, hawwe wy yn ûnderskate brieven, reaksjes en kontakten mei jimme (DS en PS) nei foaren brocht. Dat om it gefaar te kearen dat sokke kennis weiwurdt yn oanpakken dy't anneks binne mei ûnderwiisideologyen dy't de *learling* sintraal stelle, bgl. dy fan it saneamde 'nije learen' (tink dêrby û.o. oan de *Iederwijs*-skoallen). Dy lêste ynfalshoeke soe it fallyt wêze fan eltse kanon en fan elts learplantinken, dus ek fan in Fryske kanon.

De CvO advisearret OCW, útgeande fan in kultuerpedagogyske oanpak, ek opdrachten en in toetsingsramt (bgl. digitale diagnostyske toetsen) te ûntwikkelingen by it kanonûntwerp (oanbefelling 4). De kommisje giet yn it basisûnderwiis út fan trochinoar *trije* lesoeren foar elts finster, te ferdielen oer de trochstrings fjouwer jier dy't it saakfakûnderwiis beslacht (dus mei-inoar 150 oeren). Yn de twa of trije jier fan de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis wurdt op *ien* oere foar elts finster rekkene (50 oeren) (s. 43, 44).

Sa'n rûzing is ek relevant foar in Fryske kanon. As dy yn Fryslân foar de lanlike *yn it plak* komt, dan sil de tiidsynvestearring likernôch deselde wêze moatte. Is de Fryske *oanfoljend*, dan kin der in tiidsprobleem ûntstean. Wy kieze foar ús eigen provinsje dus foar in *plakferfangende* Fryske kanon mei *fertakkings* nei de lanlike, op te nimmen of ûnder te bringen yn in provinsjaal learplan mei provinsjale kearndoelen foar de Fryske taal, kultuer en skiednis. Mocht de lanlike kanon ea in *wetlike* ferplichting wurde (en net in hantrekken), ek foar Fryslân, of hiel konkreet operasjonalisearre opnommen wurde yn lanlik (wetlik) foarskreaune kearndoelen, dan is it ynpassingsprobleem minder maklik op te lossen. Yn dat ferbân is it dus (ek) fan grut belang dat de provinsje fandatoangeande mear foech kriget en 'meiwetjouwer' wurdt.

It wichtichste rânebetingst is neffens de CvO dat oankommende learaars foldwaande thús reitsje yn de kanon om de finsters op nivo en op in pakkende en entûsjaste wize oan de learlingen oanbiede te kinnen. Lear- en wurkboeken meie sadwaande net ferwurde ta in kollektive rêdingsboei, omdat learaars gjin deeglik

kennisnivo (mear) hawwe (s. 44). Dat jildt, sa hawwe wy boppe al konstatearre, nammerste mear foar in Fryske kanon.

Basis- en fuortset ûnderwiis
In grut part fan de fyftich finsters falt yn it basisûnderwiis primêr ûnder it *fak*gebiet *skiednis*, dat hjoed de dei ûnderbrocht is by it dizenige *lear*gebiet 'Oriëntatie op jezelf en de wereld'. De lanlike kanon is breder as it *gronologysk* oardere skiednisûnderwiis en befettet in stikmannich *geografysk* oriïntearre finsters. Omdat sokke ierdrykskundige ûnderwerpen ornaris *tematysk* oardere wurde, moatte guon skiednisfinsters dêryn opnommen wurde. Dat freget dus om it fêstlizzen fan wichtige *geografyske* kanoneleminten (s. 45, 46). Wy tinke dan foar de Fryske kanon bygelyks oan *Fryske lânskiplike* eleminten en in treflike *topografyske* kennis fan Fryslân, mei tige omtinken foar de *Fryske nammen* fan plakken, wetters en lânstreken (dus ek foar de *taal*kant).

De *taal*kant fan de kanon wurdt ek achtslein troch de CvO. De kommisje sjocht foar de lanlike kanon '[...] het verhaal van Nederland ook als het verhaal van de *Nederlandse* taal' (s. 47) en bepleitet omtinken foar *etymology* (ek fan de eigen foar- en skaainammen en de eigen plaknammen) en foar *sprekwurden*. Wy tinke dat foar de lanlike kanon 'het verhaal van Nederland' breder wêze moat as it iensidich sintraal setten fan it Hollânsk, mar dat dy kanon ek foldwaande omtinken jaan moat oan de twadde *Nederlânske* rykstaal, it Frysk. Foar de Fryske kanon moat it neffens ús fansels benammen gean om it 'ferhaal fan Fryslân en it Frysk' en dat giet oer de grins fan Nederlân mei Dútslân hinne.

Om in brêge te slaan tusken de kanon en de *taal* binne goede jongereinboeken (en *films* dêrfan) fan belang; goede boeken yn de direkte omjouwing fan learlingen, dus yn de skoalbibleteek. Yn in fyfte oanbefelling wurdt OCW frege om in ûndersyk ta daan nei de kwaliteit fan de skoalbibleteken en skoalmediateken (s. 48). It liket ús winsklik om dat yn de Fryske skoallen ek foar de Fryske jongereinboeken te dwaan yn ferbân mei de *Fryske* kanon.

Der leit ek in relaasje tusken de kanon en de *keunstfakken* (yn it basisûnderwiis oantsjut as 'Kunstzinnige oriëntatie'). Learlingen moatte neffens de hjoeddeistige kearndoelen ek 'enige kennis over en waardering voor aspecten van cultureel erfgoed' (nij kearndoel 56) krije. Dêrby kin oan skilders en *skilderkeunst* tocht wurde, mar ek oan *muzyk* (s. 49). Fryslân hat ferneamde skilders (hân) en besit in skat oan eigen Fryske sankjes en lieten. Guon dêrfan kinne foar it basis- en fuortset ûnderwiis fan kanonike betsjutting wêze en fertsjinje it om yn it hiele Fryske ûnderwiis oerdroegen te wurden.

Ta dat kultureel *erfgoed* hearre neffens ús ek bouwurken (bgl. Fryske *stinzen*, *pleatsen* en *tsjerken*) en sporten lykas *keatsen*, *fierljeppen* en *skûtsjesilen*. En faaks likegoed it fokken fan Fryske *dier*soarten (bgl. hynder, ko, skiep, hûn, hin) en it kweken en hoedzjen fan beskate *plante*soarten (bgl. in ierdappelras as it Bintsje en stinzeplanten). Mooglike erfgoedeleminten dy't neffens ús in kanonyk omtinken fertsjinje of in plak krije kinne soene yn in provinsjaal learplan. Men kin lykwols ek tinke oan *eigenaardich*heden op it stik fan iten en drinken (bgl. *sûkerbôle*, *dúmkes*, *bearenburch*).

Wy slute oan by oanbefelling 6 fan de kommisje, dy't fan OCW freget om *ekspresje*fakken lykas CKV te ferankerjen yn it kanonûntwerp (s. 49). Wy dogge dat mutatis mutandis foar de *Fryske* kanon.

Wat 'Mens en samenleving' oanbelanget, moat der omtinken wêze foar *geastlike streamings* (kearndoel 38; s. 49). Dêrby kin wat ús oanbelanget, ek tocht wurde oan de âlde Germaanske (Fryske) goadewrâld en de Fryske dopersken en har skiednis.

Neffens de CvO moat yn it *fuortset* ûnderwiis fierder boud wurde op it *mienskiplike referinsjeramt* (werhelling, werkenning, útwreiding) dat yn de basisskoalle oanbrocht is. Yn 2006 krije de skoallen de mooglikheid om de fakkestruktuer yn de ûnderbou los te litten, de wet skriuwt allinnich *kearndoelen* foar en dat kin konkretisearre wurde yn de foarm fan fakken, leargebieten, projekten, ensfh. De kanon sil dan

realisearre wurde moatte binnen de leargebieten *Nederlânsk*, *‘Mens en maatschappij’* (dêr binne de fakken *skiednis* en *ierdrykskunde* yn ûnderbrocht, mar ek eleminten fan *maatskippijlear*, *libbensbeskôging* en *algemiene ekonomy*) en *‘Kunst en cultuur’* (mei eleminten út de muzyk, dûns, drama, nifeljen, tekenjen, tekstile wurkfoarmen en audiofisuele foarming). It gefaar wankt dus dat de kanon *fersnipele* rekket en/of fan eltsenien wurdt en dêrmei fan net ien (s. 51). Yn dat gefal docht de kommisje de oanbefelling om *in groep learaars* rintmaster te meitsjen fan de kanon (ferl. oanbefelling 28, s. 51, 78). In Fryske kanon sil mei deselde problemen tangele sitte. Neffens ús nammerste mear reden dat de provinsje besiket om dêr stjoering oan te jaan.

De CvO sprekt, neffens ús, mei rjocht syn soarch út oer it suver *tematyske* karakter fan in protte nije skoalmetoaden (lesmateriaal). Dat makket it foar de learling tige lestich om *oardering*, *oersjoch* en *gearhing* te krijen yn har kennis fan *skiednis* en *kultuer*. Benammen de kennis fan de *gronology* en it *romtlik* besef sille dêrûnder lije en dat wie no krekt iene fan de klachten dy’t laat hawwe ta it ynstellen fan in lanlike kanonkommisje. Ferdjipping fan de kanon freget om gearwurking fan skiednis en ierdrykskunde en goede kaart- en atlasfeardichheden, net allinnich fan hjoeddeiske kaarten, mar ek fan guon histoaryske (s. 53).

It saneamde ‘moedertaalonderwijs’ (s. 53), dat foar de CvO frjemdernôch gearfalt mei ‘Nederlands’, is yn de ôfrûne jierren hieltiten mear *taalbehearsking*sûnderwiis wurden. De taal wurdt yn haadsaak mûnling en skriftlik oefene oan de hân fan *saaklike* teksten, wêrby’t *refleksje* en it *muzyske* (sjoch boppe) nochal op de eftergrûn rekke binne. Wylst dy no krekt ek tige bydrage oan in goede taalbehearsking. Datselde merkt de CvO op oer de foarmjende wearde fan *literatuer* foar dy taalbehearsking. Literatuerûnderrjocht rekket boppedat ek noch ris oan it hert fan de kanon. Dy literêre kanon sil neffens de kommisje yn it fuortset ûnderwiis fierder bouwe moatte op dy fan de basisskoalle. Ek yn in tiid dat de learlingen oarmans lêsferslach fan it web oerhelje, sil der dochs besocht wurde moatte om de ‘als canoniek geldende auteurs en teksten niet te snel de zegen na te geven’. Goede jongereinboeken, it yn ’e kunde kommen mei de wichtichste poëzij, en spesifyk foar de skoalle ûntwikkele karlêzings, yntroduksjes en teksten bliuwe fan belang foar de kennis fan klassike ferhalen (s. 53, 54).

Wat de CvO seit oer it ûnderwiis yn it Nederlânsk en it kanontinken, sizze wy oer it ûnderwiis yn it *Frysk*. Ek al moat dêrby betocht wurde dat it ûnderwiis yn it Frysk yn it fuortset ûnderwiis ynhâldlik en op it stik fan it tal learlingen dat berikt wurdt, noch fier weikomme moat. Yn alle gefallen moat der in Fryske *literêre* kanon foar it basis- en fuortset ûnderwiis formulearre wurde. Dêrby sil it leargebiet ‘Kunst en cultuur’ yn it fuortset ûnderwiis fan belang wêze kinne foar de oerdracht fan bygelyks klassike *Fryske lieten*, it besykjen fan *Fryske teaterfoarstellings* en it behanneljen fan beskate *Fryske films* (bgl. *Nynke*, *De Fûke*).

Boppebou en Twadde Faze

Yn de boppebou fan it tmbû (‘vmbo’), hafû (‘havo’) en twû (‘vwo’) binne fakken as *ierdrykskunde* en *skiednis* òf in karfak òf ferplichte foar learlingen mei in beskaat profyl. De mooglikheden om oan te sluten by de kanonike finsters fan de ûnderbou binne der wol, mar lang net alle learlingen binne mear te berikken. Trije fakken binne àl *ferplichte*: *Nederlânsk* (benammen literatuer), *kulturele en keunstsinnige foarming* en *maatskippijlear*. Dy kombinaasje fan *ferplichte* fakken jout mooglikheden foar in steatsnasjonele kanon (oanbefelling 8; s. 55). Mear as foar in Fryske kanon. It Frysk is ommers noch altiten in *karfak* yn de eksamenklassen en berikt oant no ta allinnich in lyts ploechje learlingen. Dat soe oars wurde as it Frysk wetlik lykweardich en lykberjochtige behannele wurde soe oan it Nederlânsk. Lykas jimme bekend is, bepleitsje wy dat lêste.

Wat de *eineksamen*programma’s oanbelanget, is it programma ‘Nederlands vmbo’ rjochte op fiksjonele sjenres lykas gedichten, koarte ferhalen, (jongerein)romans, strips, televyzjesearjes en films De mooglikheid om te kiezen foar oan de kanon relatearre fiksje leit foar de hân (s. 56). It lizzen fan in relaasje mei de *Fryske* kanon sprekt yn Fryslân neffens ús likegoed foar himsels.

As skoalfak mei in eigen eineksamensifer docht de *Nederlânske* literatuer syn yntree yn de Twadde Faze fan hafû/twû. Dat betsjut dat in wichtich ûnderdiel fan de kanon dêr foar it grutste part syn beslach krije moat. Dat freget in beskate ripens fan de lêzers. As de CvO fan betinken is dat it winsklik is dat, mear noch as hjoed de dei it gefal is, yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (en sels yn it primêr ûnderwiis) *foarút rûn* wurde moat op de 'echte' literatuer (s. 56), dan soene wy dat ek foar de *Fryske* literatuer ûnderskriuwe wolle.

Dat hâldt neffens ús ek foar it advys fan de CvO om by it literatuerûnderrjocht yn de Twadde Faze, dêr't foar it hafû op syn minst *acht* en foar it twû op syn minst *tolve* boeken (minimaal trije fan foar 1880) op de boekelist stean moatte, 'enige *clausulering* in de literatuurlijst aan te brengen. Aldus kan een zeker aandeel van canonieke werken/auteurs worden gewaarborgd, zonder de lijst onaanvaarbaar te fixeren. Zo kan gevraagd worden om voor de periode van 1880-heden minstens vier boeken uit een vastgestelde – en regelmatige bij te werken – lijst van canonieke auteurs te kiezen [...]; op het VWO desgewenst uit te breiden naar de periode vóór 1880 [...] (De Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren (dbnl) zou hiervoor een speciaal domein 'de canon in de Nederlandse literatuur' kunnen ontwikkelen) (oanbefelling 9, s. 56, 57). Wy pleitsje derfoar om in wjergader fan sa'n opset ek foar de Fryske literatuer te ûntwikkeljen. By in kanonike digitale bibleteek foar de 'Fryske letteren' soe *Tresoar* in wichtige rol hawwe kinne.

Wy slute ús wat de *Fryske* kanon oanbelanget oan by de CvO as dy ornearret dat 'parate basiskennis van de hoofdlijn van de literatuurgeschiedenis vanzelfsprekend' wêze moat. En ek by wat se sizze oer de literêre bagaazje dy't learaars meikrige hawwe: 'Overigens moet ook voor het literatuuronderwijs worden gesignaleerd dat leraren hiervoor niet zelden zwak geëquipeerd zijn, met inbegrip van eerstegraders. Dat is ook geen wonder gezien de forse reductie van de leeslijsten in universitaire opleidingen sinds de invoering van de Twee Fasenstructuur in 1982. Daarbij komt dat de kennis van de canon wel degelijk heeft geleden onder de opmars van tekstervaringsonderwijs dat de eigen voorkeur, zelfs wanneer die naar gemakzucht neigde, soms wel erg veel ruimte gaf – waarna het leesvervangende instrumentarium op internet de rest kon doen. (De ene leerling tegen de andere: 'Heb je dat uittreksel echt hélemaal gelézen?).'' (s. 57). It fak wurdt boppedat *allinnich* eksaminearre yn it *skoalûndersyk*. De CvO pleitet der sadwaande foar om it by it *sintraal skriftlik* ûnder te bringen. Wy kinne ús dêr foar it Frysk ek wat by foarstelle. Dat sil sadwaande likegoed foar it Frysk de opset wurde moatte.

As de CvO seit dat it foar alle learlingen betreklik nije, ferplichte CKV ('Culturele en Kunstzinnige Vorming'; yn de Twadde Faze: CKV 1), in *geweldich potinsjeel* hat, ek foar de kanon (s. 57), dan soe dat dus foar de kanon fan de *Fryske* taal en kultuer ek it gefal wêze kinne. Teminsten as it stal jaan fan dat fak mear rjochte wurdt op 'kennis en substantie' as dat hjoed de dei it gefal is. It hjoeddeiske CKV is neffens de CvO, ferlike mei de rest fan Europa, boppedat noch te ynternasjonaal en tefolle op de moderniteit rjochte, bgl. op de popmuzyk (s. 58).

Is de relaasje mei de kanon by CKV *direkt* te lizzen, mei it ferplichte fak *maatskippijlear* yn de boppebou fan it tmbû ('vmbo') is dat allinnich op in *yndirekte* wize mooglik: de tema's binne benammen rjochte op it 'hjir en hjoed'. Yn it hafû en twû sil it fak nei 2007 sterk rjochte wêze op *boargerskipsfoarming* wêrby't de histoaryske diminsje dêrfan better syn gerak krije kin. Dêr lizze sadwaande mear mooglikheden foar kanonike finsters en tema's. Dy sille neffens ús foar de *Fryske* taal, kultuer en skiednis yn kaart brocht wurde moatte. Soks jout benammen kânsen foar tariedend heger ûnderwiis oan de hân fan de kanon (s. 58, 59).

Hjir leit dus ek in moaie taak foar in Fryske kanonkommisje en in *koördinearjende* en *fasilitearjende* taak foar de provinsje Fryslân.

Heger ûnderwiis

Hoewol't it *heger ûnderwiis* nèt binnen syn opdrachtgebiet foel, koe de CvO it net litte om dêr syn, neffens ús ferstannige, fyzje op te jaan. De kommisje seit dat der yn it heger ûnderwiis wol wat mear each foar de *algemiene foarming* njonken de *dissiplinêre skoalling* wêze mocht. De universiteit soe as 'hoogste burgerschool' wol in wat steviger en bredere yntellektuele basis lizze meie yn syn kurrikula om it

ûntwikkelingspeil fan syn studinten (‘de aanstaande voorhoede van Nederland’) te befoarderjen en it akademyske fermidden fan syn opliedings te fersterkjen (oanbefelling 10, ornearre foar de *Vereniging van Samenwerkende Universiteiten in Nederland* [VSNU] en de *HBO-raad*). En merkt oer de kanon op: “De canon verdient overigens niet alleen een plaats in het *onderwijs* van universiteiten (en hogescholen), maar ook in hun *onderzoek.*” (s. 59)

Yn dat ferbân tinke wy foar in *Fryske* kanon út soarte oan de *Fryske Akademy*, dat al lang in treflik wittenskiplik ûndersykynstitút foar de Fryske taal en kultuer is en aanst as universiteit faaks ek in bredere opliedingsbasis kriget. Yn in Fryske kanonkommisje sil sa’n ynstitút dan ek in wichtige rol krije moatte. Wy hawwe dat yn ús brief fan 3 juny 2006 oan jimme ek al nei foaren brocht.

De learaars en har bagaazje

Mei rjocht stelt de CvO de hast retoaryske fraach oft al ús learaars wol foldwaande kwalifisearre binne foar it ûnderwiis yn de kanon: “Vakinhoudelijke kennis is de afgelopen decennia gevoelig gedevalueerd te opzichte van vaardigheden. Bovendien speelden in vroeger jaren lesmethodes een minder centrale rol dan tegenwoordig. Het was de onderwijzer die de toon zette; niet zelden een potentiële intellectueel die om redenen van afkomst niet naar de universiteit kon reiken en zich via onderwijsaktes omhoog werkte. Sindsdien heeft zich een ontwikkeling in omgekeerde richting voorgedaan: de lerarenopleidingen hebben te kampen met een *braindrain* richting de universiteit en het bedrijfsleven. De gevolgen hiervan worden versterkt indien het lerarentekort wordt bestreden door verlaging van de vereiste startkwalificaties. Parallel aan deze ontwikkelingen werden de schoolboeken steeds belangrijker en dikker (en duurder!), terwijl tezelfdertijd de vakinhoudelijke kennis van de docent beduidend dunner werd.” (s. 60) Mear klam op kennis en kulturele bagaazje wurdt as wichtichst betingst sjoen foar de ferbettering fan bygelyks it pabû-ûnderwiis.

Dat lit neffens de CvO syn spoaren nei as it giet om it ûnderwiis yn de histoaryske en kulturele kanon. Gâns saakkundigen op it mêd fan de kanon, sjonge noch altiten spontaan de lof fan “[...] de meeslepend vertellende leraar die men zich uit de eigen schoolbanken herinnerde. (Opvallend genoeg nooit van het mooie schoolboek!)” (s. 61). Binne se der noch, de Twerda’s?

Sokken sille der neffens histoarisy as Hein Klompmaker en Dirk Mulder noch wol wêze, mar se foegje dêr daliks oan ta: [...] maar geschiedenis wordt tegenwoordig vooral gegeven aan de hand van de diverse leermethoden. Lesgeven uit een boekje dus, met de onderwijzers in de rol van de coach. Dat is niet echt spannend hé.” (*Leeuwarder Courant*, 2 des. 2006, ‘Sneon en Snein’, s. 13). Wy ûnderskriuwe de soarch fan de CvO as dy seit: “[...] kinderen zijn met het persoonlijke verhaal nog altijd het best te enthousiastmeren, zo verzekeren ons docenten. Maar voor de jongere docentenpopulatie geldt dat de vaardigheid in vertellen is afgenomen, en de bagage om verhalen uit te putten evenzo. De canon is geen vette kluif voor zelfstudie; er is een gids, een makelaar gewenst. [...] En aangezien de school de enige plaats is waar de canon min of meer gegarandeerd wordt aangeboden, hebben zij [de onderwijzers en leraren, *sth*] hier nog steeds veruit de grootste taak. Men zou wensen dat docenten zowel cognitief als programmatisch in staat zouden zijn om deze verantwoordelijkheid te dragen. Om hun die voluit te kunnen toevertrouwen, zal er meer moeten worden geïnvesteerd in docenten. Men hoort in onderwijsdiscussies tegenwoordig nogal eens: geef het vak terug aan de leraar. Wij voegen daaraan toe: geeft de leraar terug aan het vak.” (s. 61)

Learkrêften sille dus moai fertelle kinne moatte, ek en benammen as it om de *Fryske* kanon giet. Dat sjogge wy as in wichtich ûnderdiel fan harren sintrale kultuerpedagogyske taak: *it ynlieden yn betsjuttings*.

Dat de hjoeddeiske pabû’s en twaddegraadsopliedings dêr net oan foldwaan kinne, komt omdat de ferhâlding tusken didaktyk en fakynhâld net langer doocht: “Op grond van analyse van een reeks studiegidsen concludeert de Onderwijsraad dat op de PABO’s en tweedegraadsopleidingen de vakinhoudelijke component is afgenomen van circa 80% in 1980/1981 naar nog geen 40% in 2004/2005. Er is daarmee zodanige kentering ingetreden dat de PABO momenteel vooral een algemeen pedagogische beroepsopleiding is. Die ontwikkeling werkt verhoudingsgewijs nog sterker door in de tweedegraads lerarenopleidingen: men leert

daar voor leraar in het algemeen, en niet langer primair voor vakdocent. Hierachter gaat een bewuste keuze schuil vanuit de *competentiegerichte* didactiek die in recente tijden in het onderwijs de toon aangaf. Vergeleken met 25 jaar geleden is de hoeveelheid contacttijd van de vakdidacticus op de gemiddelde PABO enorm teruggelopen. Het gevolg is dat ernstig betwijfeld moet worden of nieuwe generaties leraren inhoudelijk voldoende toegerust zijn om onderwijs in de historische en culturele canon te verzorgen. Men moet zulk onderwijs bij voorkeur geven vanuit een surplus. De commissie bepleit daarom om in de curricula van de lerarenopleidingen vakinhoudelijke scholing hoger op de agenda te zetten. Dat geldt zowel voor de PABO's als voor de tweedegraadsopleidingen. [...] Dat Nederlandse kinderen vandaag de dag te weinig weten van (cultuur)geschiedenis, lijkt mede te zijn veroorzaakt doordat hun docenten het ook niet meer goed weten." (oanbefelling 11 oan de direksjes fan pabû's, de learareopliedings en OCW; s. 62).

Dat sa'n tige ûntrêstigjende konstatearring net allinnich jildt foar in steatsnasjonale kanon, mar likegoed foar in *Fryske* kanon seit himsels. Wy tinke dat der dus in wichtige taak leit foar de provinsje om yn gearspraak mei de oanbelangjende Fryske opliedingsskoallen ek it nivo foar de oerdracht fan de Fryske kanon te ferheegjen: "Misschien is vier jaar PABO voor iemand die vanuit het MBO instroomt – en dat is op het ogenblik 40% van het totaal – vandaag de dag gewoon te weinig voor wat er van leerkrachten allemaal wordt gevraagd en verwacht" (s. 63). Mei rjocht bepleitet de kommisje foar ekstra neiskoallingskursussen oangeande de kanon (oanbefelling 12, troch 'landelijke pedagogyske centra i.s.m. OCW', s. 63). Foar de Fryske kanon achtsje wy neiskoalling troch relevante *Fryske* ynstituten needsaaklik, yn gearwurking mei de provinsje.

Kulturele en maatskiplike ynstellings

De skoalle is net it iennichste platfoarm foar de kanon. *Musea*, *bibleteken* en ûnderskate oare kulturele ynstellings kinne mei de *media* in protte betsjutte foar de kennis en leafde op dat mêd (ferlykje de tredde sirkel út *De stand van educatief Nederland*). De kanon is in ferskynsel mei in grut berik. In kanonûntwerp soe dan ek breed besprutsen wurde moatte yn de kultuer- en erfgoedsektor (oanbefelling 13; s. 64; ferl. ek s. 65-69).

Us tinkt dat soks foar in *Fryske* kanon ek it gefal wêze moatte soe. *Tresoar*, ús regionale en provinsjale kranten en blêden, *Omrop Fryslân* en ferskate provinsjale en lokale musea komme dan yn it eachweid. Der sil dus ek neitocht wurde moatte oer de ferhâlding fan dy kulturele ynstellings ta in Fryske kanon. Steats-nasjonaal wurdt der hjoed de dei al wurke oan it ta stân bringen fan in *Nationaal Historisch Museum*. It leit foar de hân dat wy yn Fryslân yn dat ramt it *Fries Museum* fierder útbouwe ta in eigen provinsjaal *histoarysk* museum dat in goed *oersjoch* jout oer en *ynsjoch* yn de skiednis fan Fryslân, (mei) op basis fan de Fryske kanon foar it ûnderwiis. Dêrby sil ek folslein rjocht dien wurde moatte oan de skiednis fan de Fryske *taal*. Neffens ús in wichtich aspekt fan de kanon.

It is ús bekend dat fan 't maitiid in advysried foar skiednis en kultuer foar in nij *Fries Museum* ynsteld is en dat de *missy* rjochte is op keunst, kultuer en skiednis. Yn dat ramt moat dat nije museum sjoen wurde as "[...] dé aangewezen plek om de regionale geschiedenis en cultuur van Friesland voor het voetlicht te brengen. [...] Vragen die de revue passeren zijn onder meer: 'welke opvattingen bestaan er over de geschiedenis van Friesland' en 'op welke wijze kan het Fries Museum een meerwaarde creëren door kunst, cultuur en geschiedenis inhoudelijk te combineren?" (*Fries Museum Magazine*, najaar 2006 [gjin sidenû.], 'Fries Museum op weg naar definitíef ontwerp nieuwbouw').

Wy tidigje der dus ek op dat by dy nijbou de *eigen taal* fan Fryslân tige *sichtber* makke wurdt. Wy tinke dêrby bygelyks oan *ynformaasje* ornearre foar besikers, oan *paadwizers* en *buordsjes*, oan *byskriften* by alle mooglike histoaryske en keunstsinnige objekten. It is foar ús ûnbegryplik dat soks hjoed de dei ek al lang net it gefal is yn de besteande behuzing. Wat de oarsaak of reden dêrfan ek is, yn it takomstige nije museum kin en moat mei dy iensidige *Hollânsk*talige tradysje brutsen wurde. It nije museum biedt aanst alle mooglikheden om oan *alle fasetten* fan de Fryske taal rjocht te dwaan en om alles *yn ien kear goed* te dwaan. It soe neffens ús in hurd subsydzjebetingst wurde moatte. It Hollânske ***Fries*** Museum soe dus ek in echt

Frysk Museum wurde moatte, *sichtber* makke en ôf te lêzen oan in eigen, *Fryske* namme, sadat it Museum ús ek fandatoangeande *eigen* en *fertroud* wurde sil.

Tink fierders ek oan it somtiden eigen, *klassike* repertoire fan de Fryske toanielferienings (ynklusyf *Tryater*), de korpsen en de sjongferienings op de Fryske doarpen en yn de Fryske stêden.

Dat it boppedat fan grut belang is dat de *frije merk* en de *edukative útjouwers* net allinnich ynspylje op in lanlike kanon (s. 71-73), mar ek op in Fryske kanon (bgl. de *Afûk*) seit, neffens ús, himsels.

By einbeslút

Wat jildt foar it steatsnasjonale Nederlân jildt ek foar de provinsje Fryslân mei syn eigen taal, kultuer en skiednis. Ek foar Fryslân sil in kanon makke wurde moatte. Dat soe derta liede moatte dat de skoallen dy kanon yn har ûnderwiislearpakket opnimme. Omdat de *twadde* sirkel yn de lanlike opset net in ferplichtsjend karakter hat, moat dat foar de Fryske kanon foar de skoallen yn Fryslân goed regele wurde, bgl. yn de foarm fan eigen kearndoelen. De Provinsje sil dêrom mei de minister yn it bestjoerlik oerlis fêstlizze moatte dat dy ferplichting der komt.

[1] *entoen.nu*, dl. A, noat s. 28: ‘In het basisonderwijs strekt het brede onderwerpsgebied ‘historische en culturele canon’ zich uit over een aantal zogenoemde ‘leergebieden’: ‘Nederlands’ (en in Friesland ook: ‘Friese taal’), ‘Oriëntatie op jezelf en de wereld’ (waarbinnen de zaakvakken geschiedenis en aardrijkskunde vallen) en ‘Kunstzinnige oriëntatie’.